

## **Inisjatyf útstel**

De rie fan de gemeente Dongeradiel,  
yn riedsgearkomste byinoar op 21 desimber 2017

### **Underwerp: De driigjende ûndergong fan ús greidefûgels**

**Oanlieding:** Troch de moderne lânbou en feehâlderij en predaasje yn behearskgebieten hawwe de greidefûgels it tige dreech. Ut rapporten fan saakkundigen lykas prof. Theunis Piersma blykt dit ek. It tal greidefûgels rint hurd tebek. Piken groeie op troch it iten fan ynsekten, mar it tal ynsekten wurdt ek folle minder, sa docht bliken út Dútsk ûndersyk, wat koartlyn nei bûten kaam is. Yn maaie hawwe de ried en it kolleezje op ekskursje west ûnder lieding fan in behearder fan in greidefûgelkearngebiet tusken Raard en Lichtaard. Dêr hawwe wy mei eigen eagen sjoen hoe dreech as de fûgels it hawwe ! Op 6 july 2017 is riedsbreed de “greidefûgelmoasje” oannaam, weryn oanjûn wurdt dat de gemeente wat dwaan moat de greidefûgels.

**Problematyk:** Moderne lânbou, predaasje en te min iten binne de wichtichste oarsaken dat de greidefûgels it sa dreech hawwe. Feehâlders, mar ek bouboeren sille natuerfreonliker buorkje moatte. De predatoren binne, útsein de foks en de swarte krie, wetlik beskerme.

**It útstel:** Troch tûk berm(mean)behear kinne wy wat dwaan oan de itenfoarsjenning foar de opgroeïende piken. De gemeente kin de greidefûgels net rêde, dat moatte de boeren dwaan, mar de gemeente kin wol it goede foarbyld jaan.

**1.Wy freegje it kolleezje** de berms yn de greidefûgelkearngebieten (Anjumer Kolken en by Raard) let te meanen en it gers (of hea) ôf te fieren. Sa ferskralet de grûn en hjirtroch krije blommen de kans harren te ûntwikkeljen.

Hjir komme ynsekten op ôf en dêr frette de fûgels en piken fan. Dus... let (july) meane en behannelje as hea-lân. Yn septimber nochris.

**2. Wy freegje it kolleezje** om in pilot te dwaan yn de berm lâns de Van Kleffenswei tusken Raard en Lichtaard: de berm "licht"trochsiedzje mei blomme- en krûdesied.

By FLORON (hâld 'm dwaande mei de wylde flora yn Nederlân) witte se hoe as dit it bêste kin. [www.floron.nl](http://www.floron.nl)

**3. Wy freegje it kolleezje** om de boeren in brief te stjoeren mei de fraach om omtinken te hawwen foar de greide- en ikkerfûgels en te wizen op de mooglikheid om harren oan te melden by Agrarysk kollektyf "de Waadrâne".

**4. Wy freegje it kolleezje** om grutte beammen yn boskjes by/yn de greidefûgelkearngebieten om te seagjen, want dêr sitte de rôffûgels yn dy 't it foarsjoen hawwe op de piken. Sa mooglik fruchtdragende strûken werom te setten, want dat is fretten foar de trekfûgels.

5. In kommisje gearstalle, besteande út leden fan de fûgelwurkgroep en de gemeente(ried), dy't de plannen útwurket yn in konkreet útstel foar de kommende maitiid (2018).

### Finânsjen

**Wy fersykje it kolleezje** om foar de útfiering fan dit inisjatyf útstel binnen de ferskate posten fan de begrutting 2018 finansjele romte te sykjen. Wy tinke dan oan it grienûnderhâlds budzjet. Foar punt 2 soe it in mooglikheid wêze dat fûgelwacht Raard&Omkriten, de berm adoptearret en dat de gemeente foar ko-finansiering soarget. Dit útstel komt mooglik yn oanmerking foar jild út it lepen Provinsjale Mienskipfûns. NAM- en/of Leaderjild is miskien ek mooglik.

Njonken bettere kânsen foar de fûgels, kin dit útstel ek posityf wêze foar lânskip en toerisme.